

De Stifting Fryske Akademy docht al hast 90 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisziplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonale wittenskiplik debat, draacht by oan it akademysk klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen is sûnt 1987 ûnderdiel fan de Fryske Akademy. Mercator docht ferlykjend en tapast ûndersyk yn Europa op it mêd fan meartalich ûnderwiis, taalbelied en taalfitaliteit, en ferbynt dat mei maatskiplike fraachstikken yn Fryslân. Op dizze wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike impact en basearre op in sterk engaazjement mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is learre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW).

Wy binne op syk nei in

Studintmeiwurker Taalkundich Netwurk

(3 oeren wyks)

De Fryske Akademy siket in studintfrijwilliger dy't helpe wol by de organisaasje fan de [Dei fan de Fryske Taalkunde](#), oare aktiviteiten fan it Taalkundich Netwurk en de redaksje fan [Frisistyk](#). It is in moaie kâns om ûnderfining op te dwaan mei de organisaasje fan wittenskiplike aktiviteiten en wittenskipskommunikaasje, en tagelyk mear te learen oer de Fryske taalkunde.

Wat silst dwaan?

Do helpst mei by de organisaasje en útfiering fan ferskate aktiviteiten op it mêd fan de Fryske taalkunde.

Dyn wurksumheden besteane û.o. út:

- meiwurkje oan de organisaasje fan ús jierlikse kongres, de *Dei fan de Fryske Taalkunde*, dit jier op freed 11 desimber 2026;
- stypje by oare aktiviteiten fan it Taalkundich Netwurk;
- helpe by de redaksje en kommunikaasje rûnom online tydskrift foar Fryske taal- en letterkunde *Frisistyk*.

De ynset kin yn 'e rin fan it kolleezjejier ferskille; yn 'e oanrin nei de Taalkundedei kin der tydlik mear te dwaan wêze.

Wat sykje wy?

Wy sykje in entûsjaste studint dy't it nijsgjirrich fynt om mei te wurkjen oan wittenskiplike aktiviteiten en belangstelling hat foar de Fryske taal en taalkunde.

Wa bisto? Do...

- bist studint oan in universiteit (Bachelor of Master);
- hast belangstelling foar de Fryske taal en taalkunde;
- hâldst fan organisearjen en gearwurkjen;
- kinst selsstannich en betrouber wurkje;
- bist likernôch trije oeren yn 'e wike beskikber;
- hast treflike kommunikatieve feardichheden (mûnling en skriftlik) yn sawol Frysk, Nederlânsk as Ingelsk.

Wat biede wy?

- In ôfwikseljende frijwilligersfunksje binnen de Fryske Akademy.
- De mooglikheid om ûnderfining op te dwaan yn in wittenskiplike organisaasje en yn de wittenskiptkommunikaasje.
- De kâns om yn 'e kunde te kommen mei ûndersikers en oaren dy't har dwaande hâlde mei de Fryske taal.
- Fleksibiliteit yn 'e ferdieling fan de oeren oer it kolleezjejier.
- In frijwilligersfergoeding neffens de jildende fiskale regeling (op dit stuit maksimaal €220 yn 'e moanne, maksimaal €2200 yn it jier).

De funksje is foar ien kolleezjejier. Nei ôfrin fan it kolleezjejier einiget de funksje yn prinsipe. De funksje wurdt dêrnei op 'e nij iepensteld, sadat ek oare studinten de kâns krije om ûnderfining op te dwaan binnen de Fryske Akademy.

Wolst mear witte?

Wy wolle dy graach mear fertelle oer dizze funksje. Nim dêrfoar kontakt op mei Anne Merkuur, fia it e-mailadres amerkuur@fryske-akademy.nl.

Wolst sollisitearje?

Dan kinst dyn motivaasjebrief mei CV foar 5 oktober 2026 e-maile nei wurkje@fryske-akademy.nl, ûnder fermelding fan 'Studintmeiwurker'.